

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Steatssekretaris Van Veldhoven hat op 14 maaie in brief nei de Twadde Keamer stjoerd wêryn't sy skriuwt dat mei de ûnderwiissektor ôfsprutsen is dat skoalbern en studinten sa min mooglik gebrûk meitsje meie fan it iepenbier ferfier, en alhiel net yn de spits. Neffens de NOS soenen sy allinne tusken alve oere moarns en trije oere middeis reizgje meie. Neffens it brief sille de skoallen yn de kommende perioade hieltyd mear wer opstarte.</p> <p>De FNP kin him foarstelle dat sa'n belied yn de Rânestêd wurkje kin, omdat dêr elke pear minuten in metro, tram of bus delkomt, mar is fan betinken dat de oanpak foar de Fryske situaasje folslein net útfierber is. Ommers, de ôfstannen tusken wenplak en de skoallen binne yn trochsneed langer en studinten fan it middelber en heger ûnderwiis binne benammen oanwiisd op de spitsbussen, want bûten de spits ride der op in soad plakken yn Fryslân gewoan folle minder of sels gjin bussen.</p> <p>Omdat oannimlik is dat de koroana-maatregels noch wol in skoft duorje sille, is it saak dat de provinsje mei ús iepenbier ferfierbedriuwen en ûnderwiisynstellingen regionale ôfspraken makket.</p> <p>Boarnen:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Ministerie van Infrastructuur en Waterstaat, Kamerbrief '<i>Afspraken opschalen openbaar vervoer en OV protocol</i>', 14 maaie 2020; • NOS Nieuws online, <i>Kabinet en onderwijsinstellingen spreken af: geen studenten in de spits</i>, 14 maaie 2020;
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is it kolleezje mei ús fan miening dat de situaasje fan it iepenbier ferfier yn Fryslân hiel oars is as yn de Rânestêd? 2. Hoe tinkt it kolleezje oer de helberens fan de ôfspraak fan de Steatssekretaris mei de ûnderwiisynstellingen? Is it kolleezje ek fan tinken dat it wei hâlden fan skoalbern en studinten út it iepenbier ferfier derfoar soarget dat in soad fan har net mear op skoalle komme kinne, en dat soks tige ûnwinsklik is? 3. Is it kolleezje ree om yn oparbeidzjen mei de iepenbier ferfierbedriuwen en de ûnderwiisynstellings yn en rûnom Fryslân regionale ôfspraken te meitsjen dy't rjocht dogge oan de Fryske situaasje?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Wopke Veenstra
Datum	15 maaie 2020